

Tekst: Vaitiare Jansen (HAN, Arnhem)
Oersetter: Henk Poelman (Meiwurker NME De Naturij)
Einredakteur: Janny Bottema

Wie dat mar wier!

Der wenne ris in leaf lyts famke mei ljocht hier op in moai eilân, in hiel ein hjir wei. It eilân hiet fan Curaçao en it famke fan Sol. Sol wie gek op (gleon op) snobbersguod (suertsjes en sok lekker spul), taartsjes, koekjes, chips en Ja noch wat. O ja, fansels Pizza! Hoe soe ik dat no ferjitte kinne? Dy pizza..... dêr wie se stapelgek op. Om Sol mochten se alle dagen wol kant-en-kleare pizza's ite. Op har pizza hie se altiten skinke (ham), woarst en tsiis. Wat der perfoarst net op mocht, wie griente, want dêr fûn se neat oan. Sels as der dochs wat op 'e pizza siet, joech se dy griente oan Bobby. Bobby wie har hûntsje dat altyd ûnder de itenstafel lei te wachtsjen as der wat te bikken wie. Alle dagen, út skoalle wei, moast Sol nei har beppe ta. Se naam alle kearen wat lekkers mei. Sol wie tige wiis mei beppe, wylst by har dochs alles altyd itselde wie. Elke kear moast se by beppe in knipperke dwaan, dan húswurk meitsje en dan mocht se wat ite en boartsje. Hjoed wie it ek wer sa'n gewoane dei, lyk as altyd. Sol hie har knipperke dien en begûn mei har húswurk. Se koe it wer net litte om sa no en dan ûnder it húswurk in hapke te nimmen fan it stikje pizza dat se meinommen hie. Mar ynienen hong der in hiele lekkere rook yn beppe har wenkeamer. Wat wie dat no foar frjemde geur? Sol snapte der neat fan, mar it rûkte hearlik. Sûnder nei te tinken rûn se nei it plak dêr't de rook wei kaam. Sol kaam yn 'e keuken en se koe hast net leauwe wat se doe seach. Beppe's keuken wie folle moaier as oars. De muorren wienen moai ferve yn 'e kleuren read, wyt en blau. Beppe's tafel lei fol mei bôle, snobbersguod (suertsjes en sokke lekkere dingen), sûkelade letters, taartsjes en in hiele grutte pizza. Se hie noch noait sa'n grutte pizza sjoen. Sol stie in pear minuten foar de grutte tafel te sjen. Allinnich mar te sjen. Mar se koe net fan it iten ôfbliuwe. En samar hie se in stik pizza yn 'e hân. Se begûn te iten en te iten en..... iet mar troch. It iene stik pizza nei it oare. Dêrnei iet se in stik taart, in stik bôle, koekjes en wer in stik taart. Se naam noch in stik pizza. En ynienen stie de hiele pizza der wer. Dat wie nuver! Ophâlde mei iten slagge net. Echt net. Op in stuit waard Sol dochs wol wurch fan al dy iterij en se gie op 'e grûn sitten. Se wie flink groeid fan al dat iten. Se hie in hiele dikke búk.

“Beppe (Thelma),” rôp se.

Mar beppe kaam net en Sol har búk waard hieltyd dikker. Foar it earst hie se der o sa'n spyt fan dat se safolle iten hie en dat har búk no sa dik wurden wie. Se begûn te gûlen en rôp wer: “Beppe, beppe, help my!” Doe hearde se beppe har stim: “Sol, Sol, skatsje bist der wer? Bist beppe's pop, it wie mar in dream.”

Op dat stuit wie Sol wer wekker. Se koe it hast net leauwe, doe't beppe har fertelde dat se wier oan it dreamen west hie. Har dream fielde sa echt. Se gie gau foar de spiegel stean en fielde mei har hannen oan har búk.

Gelokkich, it wie mar in dream. Laitsjend rûn se mei beppe nei de keuken ta en, wat nuver, dêr lei wer bôle en pizza op beppe har keukenstafel. Dat stie Sol net oan. Beppe frege fuortendaliks wat der wie en Sol fertelde har hiele dream. Beppe begûn hiel lûd te laitsjen. Doe moast Sol ek wol laitsje. Hoe kin it no datst ynienen dik wurdst nei safolle iten. It wie even stil. Doe frege Sol oan beppe: "Beppe, wit beppe wol wat myn dream betsjut?" Us heit sei altyd, dat wy foarsichtich omgean moatte mei iten en wetter en dat snobbersguod en 'plestik' iten (iterij dat yn plestik ferpakt sit) net sa goed foar ús is en ek net foar it miljeu.

Beppe moast efkes goed neitinke, mar doe wist se wat se sizze moast. "Sol, jim heit hat gelyk. Ik tink, dat dyn dream in warskôging wie foar wat der barre (gebeure) kin ast tefolle snobbest en altyd út plestik ytst," sei beppe. It kant-en-kleare iten is eins net sa sûn. Om dat iten klear te meitsjen, moatte in soad minsken foar wurkje. It kostet in soad enerzjy en ús wrâld wurdt der ek net better fan. En wurdst ek noch dik fan dat spul. Dy produkten sitte in soad fetten en sûkers yn en smite net folle fitamines en mineralen op.

Tegearre rûnen se nei de keukenstafel. "Sjoch," sei beppe, "ik ha sels pizza makke mei in soad griente en sûnder fleis. Ik ha paprika, sipeltsjes, tomaat, woarteltjes en wat beantsjes brûkt. Allegearre út beppe's eigen tún. Grienten binne hiel sûn, se sitte fol fitamines en mineralen. In sûn miel soarget der foar datst sûn bist en goed groeist en tagelyk soargest ek noch foar in better miljeu. Priuw mar ris," sei beppe fol ferwachting. Sol probearre hiel foarsichtich in hapke want se wie in bytsje bang dat se beppe's eigenmakke pizza net lekker fine soe. Mar nei ien hap wie Sol al oertsjûge. Dit wie de oplossing foar har alder-lekkerste iten. Oh, wat wie Sol bliid. Oan 'e ein fan de dei kaam heit om har op te heljen, mar foar 't se fuortgong, naam se noch gau in stikje 'beppe pizza' mei. "Beppe, ik sil de oare bern ek in stikje fan Beppe's pizza jaan, miskien kinne wy alle bern op 'e wrâld it ferhaal fan de sûne pizza fertelle. Beppe wie tige grutsk (trots) mar sei: Wie dat mar wier!

